



## Stoepe plantsjes speure en krytsje groep 1-4

*Leuk dat jimme mei dogge mei de Stoepeplantsjes Bûtenles! Dit lesmateriaal is makke foar de learlingen fan groep 1 – 4, om op syk te gean nei stoepeplantsjes op en rûnom it skoalleplein. It hat in natoer- en Fryske taaldoel.*

### Lesdoel

De learlingen kinne plantsjes oanwize yn de skoalomjouwing dy't dêr út harren sels kaam binne, ek yn spleetsjes tusken stiennen dêr't oerhinne rûn wurdt. De learlingen leare te sjen nei de plantsje en te fertellen wat se der moai en bysûnder oan fine yn de Fryske taal. En se leare dat der Fryske en Nederlânske nammen binne foar de plantsjes.

### Materialen

- Foarlêsverhaal
- Stoepeplantsjes sykkaart per twatal (gr 3/4)
- Stoepekryt per twatal

### Tarieding

Sjoch yn it foar op it skoalleplein óf en wêr't ferskillende stoepe plantsjes te finen binne. Miskien kinst ek leppeltsjedief/kleine herderstasje, fine. Sammelfe alles wat der nedich is, materialen downloaden en printsje. Betink wat in goed plak is om te begjinnen mei de útlis en oan't hoefier de bern komme meie. Freegje help fan âlders of groep 8 bern om de groepkes fan 4 à 5 learlingen te begelieden. Sykje ynformaasje oer de plantsjes op de sykkaart stoeplantjes, bygelyks leppeltsjedief of hynstebloom. Of op [stoeplantjes.nl](http://stoeplantjes.nl).

### Nei bûten: ynliding

Yn de klasse of bûten op in rêstich plakje:

Lês it ferhaal 'De lytse leppeldief' foar en lit de plant sjen op de sykkaart. Fertel de learlingen dat dit plantsje leppeltsjedief hjir omdat bern der eartiids in spultsje mei dienen. It spultsje giet sa: In groepke bern, dy't om bar in leppeltsje fan de stâle helle. De lêste leppel dy't der ôf kaam, dat wie de leppeldief.

Fertel dat de learlingen op syk gean nei stoepe plantsjes tusken de stiennen en yn hoekjes of ûnder in hage. In protte minsken sjogge oer de stoepe plantsjes hinne; dy sjogge se net. Dêrom binnen der minsken begûn mei in rûntsje om hinne te setten mei stoepe kryt. Dat dogge wy no ek.

Sykje dan bûten in stoepe plantsje op en doch it foar: tekenje in sirkel om it stoepe plantsje. Set de earste letter fan dyn eigen namme by it plantsje. Sa fan, dizze ha ik fûn!

En besjoch it plantsje fan tichtby. Kinst ek in blom fine, hokker kleur hat dy? Sitte der ek bledsjes oan? Fiel en rûk oan it plantsje. Binne der ek siedsjes? Of sitte der fruchten oan de plant.

Fertel wat asto sjochst en fielt en lit ien fan de learlingen ek fertelle wat hy/zy sjocht en fielt.





Foar groep 3/4

Laat de sykkaarten sjen. Kinne jimme de plant ek fine op de sykkaart? Neam de namme. Der steane ek symboalen by de plantsje: trijehoek, fjouwerkant, sirkel, stip, streepke en krúske yn 6 kleuren. Kinne de bern dizze foarmen? As der bij de foto in blau krúske stjit, set dy dan ek op de stoepe mei stoepe kryt.

### Nei bûten: oan de slach

#### 1<sup>e</sup> opdracht

Praat ôf wêr't de learlingen wol/net komme meie. Meitsje twatallen en jouw harren stoepe kryt. De learlingen sykje harren eigen plantsje, sette der in sirkel omhinne mei de letter fan harren namme.

Groep 3/4

Op de sykkaart besykje se de plantje te finen. En sette it symboal derby. Foar de goede kleur stoepe kryt drave se nei in sintraal plak, dêr't alle kleuren stoepe kryt lizze.

Rop de learlingen nei 10 minuten wer by ilkoar. Besjoch wat se fûn ha. Binne der in protte ferskillende planten, hokker kleur blommen ha se?



#### 2<sup>e</sup> opdracht

Foar it twadde part fan de les krije de bern opdrachten:

1. Sykje in plantsje mei giele of wite blommen. En set dêr in sirkel omhinne en kom werom.
2. Sykje in plant mei in grut of lyts blêd en set der in fjouwerkant omhinne
3. Sykje in plant dêr't in bist op sit en set der in krús by
4. Wiis in plant oan op de sykkaart wêrfan ast wist dat dy der groeit. En set dêr in trijehoek omhinne.

Meitsje noch foto's fan de plantsje en lit dy op it digi boerd sjen. Dit binne de plantsjes fan ús plein.

### Nei petear

Slút ôf mei in neipetear:

- Hokker plantsje fûnst moai, bysûnder. Kinst noch de namme fan de plant fan it ferhaal? Kinst noch in oare namme?
- Wisten jimme dat der safolle soarten op it plein groeiden?
- Hoe sjocht it plein der no út mei al dat stoepe kryt?
- Elkenien kin de stoepe plantsjes no better sjen, Spitich dat by rein it kryt fuort spielt. Wat fine de plantsjes derfan at it reint? (Dy kinne dan wer goed groeie!!)